

## Petearnotysje DINGtiid foar it rûnetafelpetear oer de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer op 12 oktober 2023

### Underwerp:

Mûnling Frysk yn de rjochtspraak – formeel regele, mar yn de praktyk net

### *Ynlieding*

Yn dizze petearnotysje ljochtet DINGtiid syn stânpunt ta oangeande it neifolgjen fan de ferdrachsôfspraken en de nasjonale wetlike regels oer it mûnling gebrûk fan it Frysk yn de rjochtspraak. DINGtiid is it wetlik advysorgaan mei as taakstelling it befoarderjen fan de gelikense posysje fan de Fryske taal en de Nederlânske taal yn de provinsje Fryslân. Hjirûnder dogge wy guon konkrete oanrikkemandaasjes, wêrby't wy in pragmatysk ynstek folgje om op koarte termyn te berikken dat Fryske rjochtssikers harren rjocht op it mûnling gebrûk fan it Frysk útoefenje kinne. Wy konstatearje tagelyk ek dat soks noch gjin folslein neikommen is fan de ferplichtings dêr't Nederlân him oan kommittearre hat, op basis fan de Ferdraggen<sup>1</sup> en de Nederlânske wet- en regeljouwing. Der binne, koartsein, hjirnei noch wichtige stappen te setten om werklike lykweardigens fan it Frysk en it Nederlânsk yn it rjochtsferkear berikke te kinnen.

### *It formele ramt: Wet gebrûk Fryske taal (2014)*

Sûnt 1956 is it mûnling gebrûk fan it Frysk yn de rjochtspraak tastien. Dat is fannijs befêstige en neier útwurke yn de Wet gebrûk Fryske taal (WgFt, 2014), dy't bepaalt dat elts oeral yn Nederlân de eed of belofte yn it Frysk ôflizze mei, dat wa't yn Fryslân wennet of ferbliuwt him of har by in harksitting by de rjochtbank Noard-Nederlân of it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert fan it Frysk betsjenje mei, en de ynset fan tolken regelet dêr't de taalkennis net foldwaande is.

Om it rjocht om Frysk yn de rjochtseal te brûken, te stypjen, krije rjochtspraakmeiwurkers fan de niisneamde distrikten – dêrûnder rjochters – sûnt it yngean fan de WgFt geregeldwei in kursus Frysk oanbean. Dat aanbod wurdt oars mar tige beskieden gebrûk fan makke, sa ha wy begrepen.

### *Praktyk*

Mei de WgFt is it gebrûk fan it Frysk dan wol regele, mar yn de praktyk is it gebrûk yn it rjochtsferkear net boarge. Der wurde sels drompels opsmitten, sa't ûnder oaren út de folgjende praktykobservaasjes bliken docht:

- Justisjabelen dy't Frysk prate wolle ûnder de sitting, moatte soks op syn minst 8 dagen fóar de sitting bekend meitsje, sadat byneed in tolk ynskeakele wurde kin. Boargers sûnder advokaat binne har meastal net bewust fan dy formele ferplichting. Boppedat wurde yn guon gefallen fertochten/saakkundigen/tsjûgen

---

<sup>1</sup> Sjoch Ekspertkomitee fan it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden, Sande evaluaasjeferslach oer Nederlân, 8 febrewaris 2023, en Komitee foar it Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden fan de Ried fan Europa, Fjirde Advys oer Nederlân, 24 augustus 2023.

### POSTADRES

Westersingel 4  
Keamer 0.11  
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.frl  
www.dingtiid.frl  
@dingtiid

op gâns koartere termyn opropjen, sadat hja fan dat rjocht gjin gebrûk meitsje kinne.

- By de sitting binne rjochters en griffymeiwurkers net altiten by steat of reewillich om it rjocht op gebrûk fan it Frysk te fasilitearjen.<sup>2</sup>
- De ynset fan tolken en de needsaak dy't dêrta field wurdt, is ûnder de mjitte en foarmet al jierrenlang in boarne fan ûnrêst, om meardere redenen: finansjeel, ynstitúsjoneel en kwa beskikberens.

It boppesteande ûntmoediget prosespartijen om te fersykjen om yn it Frysk te sprekken en harren rjocht út te oefenjen. Partijen ha gau it idee dat se 'dreech' dogge en faaks sels dwersbongelje, troch fêst te hâlden oan it rjocht om Frysk te praten. Ek skeakelje partijen gau-eftich om nei it Nederlânsk as hja yn it Nederlânsk oansprutsen wurde om dy redenen. Krekt dêrom freget it Frysk om in wêrkljke boarging yn de praktyk.

### *Oprop*

De oprop om it rjocht om Frysk prate te kinnen wêrkljke te boargjen is net nij: û.o. strafjrjochtadvokaat Tjalling van der Goot fan Anker & Anker Advocaten hat der earder omtinken foar frege yn regionale en nasjonale media, en ek DINGtiid hat al ferskate kearen oandacht frege foar ferbettering fan it gebrûk fan it Frysk yn it rjochtsferkear.<sup>3</sup>

De oprop bliuwt relevant, en giet boppedat net allinne it strafjrjocht oan, mar ek de oare rjochtsmêden, lykas it bestjoersrjocht en it famyljerjocht.

### *Ferlet*

Earst en foaral moat opmurken wurde dat it Frysk in taal yn libben gebrûk is, dy't opmerklike stabyl is yn syn relative sprekkersoantallen.<sup>4</sup> Oan it ferlet om Frysk te brûken yn it rjochtsferkear hoecht net twifele te wurden, sa docht al út de niisneamde foarbylden bliken. Ek advokaten en oare rjochtsdielnimmers sjogge dat ferlet. Betroubere sifers binne der spitigernôch net,<sup>5</sup> want dat ferlet wurdt net systematysk befrege en dus ek net metten. Ek in soad prosespartijen binne net op 'e hichte fan harren rjocht, ûnder oaren om't hja dêr net pro-aktyf op wiisd wurde. Foar in soad Fryske boargers dy't al of net frijwillich yn in proseduere bedarje, is it Frysk harren earste taal. Underfinings fan tolken, advokaten en rjochters tsjutte derop dat Fryske

<sup>2</sup> Foarbylden dy't koartby de media helle ha, binne de saak tsjin Jenny Douwes (oktober 2019), de beëdiging fan wethâlders en BABS fan de gemeente Achtkarspelen (novimber 2022), de naturalisaasje fan Joana Duarte (jannewaris 2023) en it gebrûk fan it Frysk troch Jan Benedictus (augustus 2023).

<sup>3</sup> Sjoch bygelyks ús advysbrief d.d. 19/12/2019: <https://dingtiid.frl/nl/advys-fryske-taal-draacht-by-oan-kwaliteit-fan-de-rjochtspraak>, en ús Tuskenrapportaasje oangeande de BFTK (2019-2023), d.d. 30/6/2021: <https://dingtiid.frl/wp-content/uploads/2022/06/20210630-DINGtiid-aan-BZK-advies-BFTK-2019-2023.pdf>.

<sup>4</sup> Dat blykt út de periodike taalûndersiken fan sawol de Fryske Akademy (1980, 1993, 2018) as de Provinsje Fryslân (2011, 2015, 2020).

<sup>5</sup> In nultmjitting fan datoangeande ûnder de Fryske befolking waard yn opdracht fan de Provinsje Fryslân yn 2021-2022 útfierd troch twaddejiersstudenten fan NHL/Stenden, mar krige swiere krityk, sjoch bgl.: [https://www.ankerenanker.nl/nieuws/archief/8241\\_advocaat-tjalling-van-der-goot-kraakt-onderzoek-naar-het-gebruik-van-het-fries-i](https://www.ankerenanker.nl/nieuws/archief/8241_advocaat-tjalling-van-der-goot-kraakt-onderzoek-naar-het-gebruik-van-het-fries-i). It ûndersyk sels is yn te sjen fia: [https://www.ankerenanker.nl/site/images/upload/files/Brief%20DS%20-mijting%20Frysk%20yn%20it%20rjochtsferkear%2020221221%20%7e-1%20\(004\).pdf](https://www.ankerenanker.nl/site/images/upload/files/Brief%20DS%20-mijting%20Frysk%20yn%20it%20rjochtsferkear%2020221221%20%7e-1%20(004).pdf).

rjochtsdielnimmers harren ferhaal folle better ferwurdzje kinne yn harren memmetaal (it Frysk) as yn it Nederlânsk. Soks mei ek net fernuverje. In protte Nederlanners kinne har ommers frij knap útdrukke yn de Ingelske taal, mar it is hiel wat oars as men yn it Ingelsk in emosjoneel beladen ferhaal ûnder grutte druk fertelle moat. Dat laat al gau ta it gefaar dat men nei wurden siket of jinsels ûnnuansearre útdrukt. It argumint ‘Mar in Frysktalige praat dochs ek Nederlânsk?’ giet dus net op. Dêrom moat de taaldropel sa leech mooglik wêze om werklike rjochten fan ferdigening, it soarchfâldich rjochtsproses en de rjochtssteat te boargjen.

#### *Kearn fan it probleem*

De kearn fan it probleem is dat de passive kennis fan it Frysk by de rjochtbank en it gerjochtshôf troch de bank naam beneden peil is, wêrtroch’t de ynset fan tolken (te) faak nedich is; dy ynset is lykwols om ûnderskate redenen oanhâldend problematysk. Dêrmei is it gebrûk fan it Frysk formeel dan wol regele, mar yn de praktyk net. Soks docht geweld oan de útoefening fan de rjochten fan Fryskpraters, mar ek oan de wierheidsfining. It ferminderet sa de algehiele kwaliteit fan de rjochtspraak.

#### *Oanrikkemandaasjes*

It boppesteande bringt DINGtiid ta de folgjende oanrikkemandaasjes:

- (1) Alle profesjonele prosesdielnimmers binnen de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert (mei as sittingslokaasje Ljouwert) soenen it Frysk minimaal passyf behearskje moatte. Yn de funksje-omscriuwning fan alle rjochters, ofsieren fan justysje en griffymeiwurkers yn dy distrikten moat it bewiisber goed ferstean en lêzen kinnen fan it Frysk opnaam wurde.
- (2) Rjochtssaken dêr’t it fersyk by dien is om Frysk te praten of dêr’t de kâns oannimlik by is dat sa’n winsk ûnder de rjochtsdielnimmers bestiet, wurde behannele by de sittingslokaasje Ljouwert.
- (3) Troch yn de wet de posysje fan de provinsje Fryslân as geografysk hert fan de Fryske taal spesifyk te beneamen en de sittings te behanneljen op de lokaasje Ljouwert, kinne rjochtbank en gerjochtshôf by steat steld wurde om in pro-aktyf belied te fieren om de lykweardigens fan it Frysk yn it rjochtsferkear (benammen dêr) te befoarderjen. Dêr moat ûnder oaren ûnder ferstien wurde dat prosespartijen pro-aktyf nûge wurde om gebrûk te meitsjen fan harren rjocht om Frysk te praten as hja dat wolle.
- (4) Krektsa’t wizânsje is by oare foarmen fan saakkundigens, moat mear gebrûk makke wurde fan rjochter-plakferfangers dy’t de Fryske taal machtich binne. Sokke rjochters fan bûten de rjochtspraak, lykas akademisy en advokaten, binne in wichtige oanfolling op it personele ynstrumintarium. Soks ûnderfangt de arguminten fan ûnderbemanning en kosten, want rjochter-plakferfanger is in parttime, ûnбетelle funksje.
- (5) Dêr’t de goede omstannichheden om it Frysk oer alle boegen brûke te kinnen net garandearre wurde kinne, is tolkynset needsaaklik. Soks moat, oars as no it gefal is, werklik en duorsum boarge wêze, finansjeel likegoed as ynstitúsjoneel.

Lykas sein binne dizze oanrikkemandaasje benammen rjochte op praktyske ferbetterings foar it gebrûk fan it Frysk yn it rjochtsferkear, en om foldwaan te kinnen oan de ôfspraken dy't troch de wei fan it Europeesk Hânfêst makke binne. Se dogge neat ôf oan it feit dat ek prinsipjele stappen nedich bliuwe om werklike lykwaardigens fan it Frysk en it Nederlânsk yn it rjochtsferkear te berikken; dêrby falt bygelyks te tinken oan it fuortnimmen fan de plicht om de winsk om Frysk te brûken yn it foar oan te kundigjen.

Ut namme fan DINGtiid,



Jan Koster (foarsitter)



Annalies Outhuijse (bestjoerslid)

## Gespreksnotitie DINGtiid t.b.v. commissiedebat rondetafelgesprek over de Bestuursafpraak Friese Taal en Cultuur op 12 oktober 2023

### Onderwerp:

Mondeling Fries in de rechtspraak – formeel geregeld, maar in de praktijk niet

### *Inleiding*

In deze gespreksnotitie licht DINGtiid zijn standpunt toe over het navolgen van de verdragsafspraken en de nationale wettelijke regels over het mondeling gebruik van het Fries in de rechtspraak. DINGtiid is het wettelijk adviesorgaan met als taakstelling het bevorderen van de gelijke positie van de Friese taal en de Nederlandse taal in de provincie Fryslân. Hieronder doen we een aantal concrete aanbevelingen, waarbij we een pragmatische insteek volgen om op korte termijn te bereiken dat Friese rechtszoekenden hun recht op het mondeling gebruik van het Fries kunnen uitoefenen. We constateren tegelijkertijd ook dat dit nog geen volledige nakoming is van de verplichtingen waaraan Nederland zich heeft gecommiteerd, op basis van de Verdragen<sup>6</sup> en de Nederlandse wet- en regelgeving. Er zijn kortom ook hierna nog belangrijke stappen te zetten om daadwerkelijke gelijkwaardigheid van het Fries en het Nederlands in het rechtsverkeer te kunnen bereiken.

### *Het formele kader: Wet gebruik Friese taal (2014)*

Sinds 1956 is het mondeling gebruik van het Fries in de rechtspraak toegestaan. Dit is herbevestigd en nader uitgewerkt in de Wet gebruik Friese taal (WgFt, 2014), die bepaalt dat een ieder overal in Nederland de eed of belofte in het Fries mag afleggen, dat wie in Fryslân woont of verblijft houdt zich tijdens een hoorzitting bij de rechtbank Noord-Nederland of het gerechtshof Arnhem-Leeuwarden van het Fries mag bedienen, en de inzet van tolken regelt waar de taalkennis niet voldoende is. Om het recht om Fries in de rechtszaal te gebruiken te ondersteunen, krijgen rechtspraakmedewerkers van de genoemde districten, waaronder rechters, sinds de inwerkingtreding van de WgFt met enige regelmaat een cursus Fries aangeboden. Daarvan wordt slechts bescheiden gebruik gemaakt, zo hebben wij begrepen.

### *Praktijk*

Met de WgFt is het gebruik van het Fries formeel weliswaar geregeld, maar in de praktijk is het gebruik in het rechtsverkeer niet geborgd. Er worden zelfs drempels opgeworpen, zoals onder meer uit de volgende praktijkobservaties blijkt:

- Justitiabelen die Fries willen spreken tijdens de zitting, dienen dit tenminste 8 dagen vóór de zitting kenbaar te maken, zodat zonodig een tolk ingeschakeld kan worden. Burgers zonder advocaat zijn zich veelal niet bewust van deze formele verplichting. Bovendien worden in sommige gevallen

---

<sup>6</sup> Zie Expertcomité van het Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden, Zevende evaluatieverslag over Nederland, 8 februari 2023, en Comité voor het Kaderverdrag voor de bescherming van nationale minderheden van de Raad van Europa, Vierde advies over Nederland, 24 augustus 2023.

verdachten/experts/getuigen op veel kortere termijn opgeroepen, zodat zij van dit recht geen gebruik kunnen maken.

- Ter zitting zijn rechters en griffiemedewerkers niet altijd in staat of bereidwillig om het recht op gebruik van het Fries te faciliteren.<sup>7</sup>
- De inzet van tolken en de gevoelde noodzaak daartoe is ondermaats en vormt al jarenlang een bron van onrust, om meerdere redenen: financieel, institutioneel en qua beschikbaarheid.

Bovenstaande ontmoedigt procespartijen om te verzoeken in het Fries te spreken en hun recht uit te oefenen. Partijen hebben snel het idee dat ze 'moeilijk' doen en wellicht dwarsliggen door vast te houden aan het recht om Fries te spreken. Ook schakelen partijen snel over naar het Nederlands als ze in het Nederlands worden aangesproken vanwege deze redenen. Juist daarom vraagt het Fries om een daadwerkelijke borging in de praktijk.

### *Oproep*

De oproep om het recht om Fries te kunnen spreken daadwerkelijk te borgen is niet nieuw: o.a. strafrechtadvocaat Tjalling van der Goot van Anker & Anker Advocaten vroeg er eerder aandacht voor in regionale en nationale media, en ook DINGtiid heeft al meermaals aandacht gevraagd voor verbetering van het gebruik van het Fries binnen het rechtsverkeer.<sup>8</sup>

De oproep staat ongewijzigd, en geldt overigens niet alleen voor het strafrecht, maar ook voor de andere rechtsgebieden, zoals het bestuursrecht en het familierecht.

### *Behoeft*

Eerst en vooral dient opgemerkt te worden dat het Fries een taal in levend gebruik is, die opmerkelijk stabiel is in zijn relatieve sprekersaantallen.<sup>9</sup> De behoefte om Fries te gebruiken in het rechtsverkeer hoeft niet te worden betwijfeld, zo blijkt reeds uit de opgevoerde voorbeelden. Ook advocaten en andere rechtsdeelnemers zien deze behoefte. Betrouwbare cijfers zijn er helaas niet,<sup>10</sup> want deze behoefte wordt niet systematisch bevraagd en dus ook niet gemeten. Ook zijn veel procespartijen niet op de hoogte van hun recht, onder andere omdat zij hier niet proactief op worden gewezen. Voor veel Friese burgers die al dan niet vrijwillig in een procedure worden

---

<sup>7</sup> Voorbeelden die recentelijk de media gehaald hebben zijn de zaak tegen Jenny Douwes (oktober 2019), de beëdiging van wethouders en BABS van de gemeente Achtkarspelen (november 2022), de naturalisatie van Joana Duarte (januari 2023) en het gebruik van het Fries door Jan Benedictus (augustus 2023).

<sup>2</sup> Zie bijvoorbeeld ons adviesbrief d.d. 19/12/2019: <https://dingtiid.frl/nl/advys-fryske-taal-draacht-by-oan-kwaliteit-fan-de-rjochtspraak>, en onze Tussenrapportage t.a.v. de BFTK (2019-2023), d.d. 30/6/2021: <https://dingtiid.frl/wp-content/uploads/2022/06/20210630-DINGtiid-aan-BZK-advies-BFTK-2019-2023.pdf>.

<sup>9</sup> Dit blijkt uit de periodieke taalonderzoeken van zowel de Fryske Akademy (1980, 1993, 2018) als de Provincie Fryslân (2011, 2015, 2020).

<sup>10</sup> Een nulmeting hieromtrent onder de Friese bevolking werd in opdracht van de Provincie Fryslân in 2021-2022 uitgevoerd door tweedejaarsstudenten van NHL/Stenden, maar is aan kritiek onderhevig, zie bv.: [https://www.ankerenanker.nl/nieuws/archief/8241\\_advocaat-tjalling-van-der-goot-kraakt-onderzoek-naar-het-gebruik-van-het-fries-i](https://www.ankerenanker.nl/nieuws/archief/8241_advocaat-tjalling-van-der-goot-kraakt-onderzoek-naar-het-gebruik-van-het-fries-i). Het onderzoek zelf is in te zien via: [https://www.ankerenanker.nl/site/images/upload/files/Brief%20DS%200-mijting%20Frysk%20yn%20it%20rjochtsferkear%2020221221%20%7e-1%20\(004\).pdf](https://www.ankerenanker.nl/site/images/upload/files/Brief%20DS%200-mijting%20Frysk%20yn%20it%20rjochtsferkear%2020221221%20%7e-1%20(004).pdf).

betrokken is het Fries hun eerste taal. Ervaringen van tolken, advocaten en rechters duiden erop dat Friese rechtsdeelnemers hun verhaal veel beter kunnen verwoorden in hun *memmetaal* (het Fries) dan in het Nederlands. Dat is ook niet verrassend. Veel Nederlanders kunnen zich immers goed uitdrukken in de Engelse taal, maar het is iets heel anders indien men in het Engels een emotioneel beladen verhaal onder grote druk moet vertellen. Dit leidt al snel tot het gevaar dat men naar woorden zoekt of zich ongenueanceerd uitdrukt. Het argument 'Maar een Friestalige spreekt toch ook Nederlands?' gaat dus niet op. Daarom moet de taaldrempel zo laag mogelijk zijn om daadwerkelijke rechten van verdediging, het zorgvuldig rechtsproces en de rechtsstaat te borgen.

#### *Kortom: kern van het probleem*

De kern van het probleem is dat de passieve kennis van het Fries bij de rechtbank en het gerechtshof gemiddeld beneden peil is, waardoor de inzet van tolken (te) vaak vereist is; deze inzet is echter om verschillende redenen aanhoudend problematisch. Daarmee is het gebruik van het Fries formeel weliswaar geregeld, maar in de praktijk niet. Dit doet geweld aan de uitoefening van de rechten van Friessprekers, maar ook aan de waarheidsvinding. Het vermindert zo de algehele kwaliteit van de rechtspraak.

#### *Aanbevelingen*

Een en ander leidt DINGtijd tot de volgende aanbevelingen:

- (1) Alle professionele procesdeelnemers binnen de rechtbank Noord-Nederland en het gerechtshof Arnhem-Leeuwarden (met als zittingslocatie Leeuwarden) dienen het Fries minimaal passief te beheersen. In de functieomschrijving van alle rechters, officieren van justitie en griffiemedewerkers in deze districten moet het bewijsbaar goed kunnen verstaan en lezen van het Fries worden opgenomen.
- (2) Rechtszaken waarbij het verzoek is gedaan om Fries te spreken of waar gereede kans is dat die wens onder de rechtsdeelnemers bestaat, worden behandeld bij de zittingslocatie Leeuwarden.
- (3) Door in de wet de positie van de provincie Fryslân als geografisch hart van de Friese taal specifiek te benoemen en de zittingen te behandelen op de locatie Leeuwarden, kunnen rechtbank en gerechtshof in staat worden gesteld om een proactief beleid te voeren om de gelijkwaardigheid van het Fries in het rechtsverkeer (vooral aldaar) te bevorderen. Hieronder moet onder meer worden verstaan dat procespartijen proactief worden uitgenodigd gebruik te maken van hun recht om Fries te spreken als zij daar behoefte aan hebben.
- (4) Zoals wordt gedaan voor andere vormen van expertise, moet meer gebruik worden gemaakt van rechter-plaatsvervangers die de Friese taal machtig zijn. Deze rechters van buiten de rechtspraak, zoals academici en advocaten, zijn een belangrijke aanvulling op het personele instrumentarium. Het ondervangt de argumenten van onderbemanning en kosten, want rechter-plaatsvervanger is een parttime, onbezoldigde functie.

(5) Waar de juiste omstandigheden om het Fries vrijelijk te kunnen gebruiken niet kunnen worden gegarandeerd, is tolkinzet noodzakelijk. Dit moet, anders dan nu het geval is, daadwerkelijk en duurzaam zijn geborgd, zowel financieel als institutioneel.

Als gezegd zijn deze aanbevelingen vooral gericht op praktische verbeterlagen voor het gebruik van het Fries in het rechtsverkeer, en om te kunnen voldoen aan de afspraken die middels het Europees Handvest zijn gemaakt. Ze laten onverlet dat er ook principiële stappen nodig blijven om daadwerkelijke gelijkwaardigheid van het Fries en het Nederlands in het rechtsverkeer te bereiken; daarbij valt bijvoorbeeld te denken aan het wegnemen van de plicht tot vooraankondiging van de wens Fries te gebruiken.

Namens DINGtiid,



Jan Koster (voorzitter)



Annalies Outhuijse (bestuurslid)